

## **Rinus**

Ingrid en Dieter Schubert  
(Hoogland & van Klaveren, 2023)  
ISBN 978-90-89674-104  
Ek in Fryske edysje (2024)

## Oer it boek

Rinus syn pake wie eartiids in hiele wylde en sterke noashoarn. Mar no is pake âld. It leafst leit er de hiele dei wat yn it skaad te slûgjen. Hjoed past er op Rinus. En dy wol boartsje en wylde hinne en wer drave!

## Tema's

wylde bisten, boartsje, aventoer, helden, pakes, sterk wêze, helpe, moedich wêze



Fan 22 jannewaris o/m 1 febrewaris binne it de 'Nationale Voorleesdagen'. It Printeboek fan it Jier 2025 is 'Rinus' fan Ingrid & Dieter Schubert. In ferhaal oer grut, wylde en sterk wêze wolle, mar soms ek noch wolris in bytsje lyts, en oer moedich wêze en inoar helpe. Yn dizze lesbrief fine jim suggestjes foar (taal) aktiviteiten om it printeboek hinne. Ditkear gjin Fryske oersetting fan it boek yn de lesbrief, omdat Rinus ek yn it Frysk ferskynt! Sjoch foar mear ynformaasje oer de Nationale Voorleesdagen op [www.nationalevoorleesdagen.nl](http://www.nationalevoorleesdagen.nl).

## Ynteraktyf foarlêze

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat de bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke.

Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen. Ynteraktyf foarlêze kin op alderhande manieren en by alle boeken.



---

### Foar it lêzen

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen dy't hjirby steane in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat de groep net te grut is, sadat alle bern echt meidwaan kinne.
- Sjoch mei de bern nei de foarkant fan it boek. Wat stean dêr foar bisten op, en hoe sjogge dy derút? Soene dy bisten der yn it echt ek sa útsjen, en wêrom wol/net?
- Lês de titel foar: 'Rinus'. Wa soe Rinus wêze, de grutte noashoarn of de lytse? Wat tinkst wêr't it boek oer giet?
- Lês dan it ferhaal foar.

---

### Nei it lêzen

Wachtsje nei it foarlêzen earst eefkes de spontane reaksjes fan de bern ôf. Heakje dêrop yn en/of brûk dêrnei inkelde fragen út it ûndersteande rychje om mei de bern oer it ferhaal nei te praten:

- It ferhaal giet oer Rinus de noashoarn en syn pake. Pake wie altyd wyld en sterk. Is hy dat noch hieltyd? Hoe komt dat?
- Pake hâldt no fan slûgjen yn it skaad. Hâldt Rinus dêr ek fan of hâldt er fan oare dingen?
- Rinus wol lekker wyld dwaan, wylder as dat

syn pake oait wie. Fynsto it ek leuk om wyld dingen te dwaan? Watfoar wyld dingen dochsto graach?

- Rinus tinkt dat er sa sterk is dat er alle beammen fan de wrâld optille kinne soe... as er dat wolle soe. Soe Rinus dat écht kinne? Hoe swier soe dat wêze tinkst? Wat kinsto al optille?
- Ynienen is pake toch wer hiel sterk en fluch, omdat er Rinus rêde moat. Kinsto dy ek hiel sterk meitsje? En wannear soest ynienen hiel hurd drave kinne?
- Rinus is hiel grutsk op syn pake. Wat kin dyn pake hiel goed? (Of heit/buorman/...)


Net alle fragen hoege steld te wurden. Kies de fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern by it ferhaal te belûken. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.

---

### Sjen

Besjoch it filmke 'Tomke en Romke helpe Kornelia'. Yn it filmke wolle Tomke en Romke graach Kornelia helpe. Dat is moai! Mar it opromjen fan de boadskippen falt noch net ta... En helpe se wol echt? Besjoch it filmke op [tomke.frl](http://tomke.frl).

Foar it filmke  
Scan de QR-koade



## Boartsje

- Rinus syn pake is hiel sterk en Rinus fynt dat er sels ek hiel sterk is. Hoe sterk binne jim? Wat is licht en wat is swier? Lit in berntsje in ding yn de groep sykje dat licht is en hy of sy maklik tille kin. Kinne de oaren dat ek tille? De folgjende siket wat dat wat swierder is, en sa hieltyd in bytsje swierdere dingen. Lit se it allegear besykje te tillen. Wat kinne de bern net mear tille?
- Yn it ferhaal wolle Rinus syn freonen him helpe om út de kleau/kloof te kommen. Lit de bern dat neispylje (kin yn groepkes). Ien bernstje stiet oan ien kant fan de groep en hy of sy moat wat pakke fan de oare kant fan de groep, mar mei net fan syn plak ôf komme. Hoe kinne de oaren helpe? Wat betinke se sels? De bern kinne steand of lizzend in rige meitsje, hâlde inoar fêst en de lêste kin it pakke.
- Pake hat nergens sin oan en wol lekker slûgje; Rinus wol op aventoer. Wat dochsto it leafst? Ferdiel de groep yn twaen; de iene helte fan de groep is pake en giet lekker op in bank lizzen of op in stoel sitten, boekje lêze, ferklaaie, inoar moai meitsje... De oare helte docht in parkoers en moat springe, klimme en klauterje. Dêrnei wurdt it omdraaid. Wat fûnsto it moaiste om te dwaan?

## Sjonge

Rinus syn pake is hiel wyld en sterk. Hy kin hûndert beamstammen tagelyk optille, drave, springe, klimme... Mar pakes kinne ek hiele oare dingen. Wat kin dyn pake allegear?

### Witsto wat in pake kin?

Witsto wat in pake kin? (3x)

In pake kin dit:

Taartsjes bakke yn it sân.

Skulpkes sykje op it strân

Lêze út in Tomkeboek

Ferve grieme op syn broek (2x)

Witsto wat in pake kin? (3x)

In pake kin dit:

Ride mei in reade wein

Boartsje mei de tsjûke trein

Euro's helje út syn ear

Pleisters plakke op de bear (2x)

Witsto wat in pake kin? (3x)

In pake kin dit:

Springe yn de ballebak

Tinten bouwe mei in dak

Fytse nei de buorkerij

Nei de lamkes en de kij (2x)

Wy sykje in pake! (3x)

Stop!

Of binne alle pakes op? (2x)

Belústerje it ferke

Scan de QR-koade



## Boeketips by it tema



### Kom út dy kraan

*Tjibbe Veldkamp*

Bern meie net op it bouplak komme, dat wit Bouwe bêst. Op in dei krûpt er al ûnder it stek troch en bestjoert de wals, de semintwein en de kraan. Wêrom docht er dat?



### Skelte wol in skelter

*Joke Scheffer*


Skelte wol graach in skelter, mar dat mei net fan heit en mem. Fan Pake wol, mar oft dat goed giet... In humoristysk printeboek mei in werkenber tema en rike yllustraasjes.



### Omke Ûle past op

*Paul van Dijk*

Omke Ûle sit it leafst feilich thús. Hy hâldt net fan drokte en is oeral benaud foar. Hy is dan ek hielendal net bliid as er op syn neefke Eppy passe moat. Want Eppy wol de wrâld ûntdekke – op avontuer! Mar doart Omke Ûle dat wol?



### It grutte Pake en Beppe Foarlêsboek

*Mirjam van Houten*

In prachtich foarlêsboek foar beppes, pakes en alle oare minsken dy't graach foarlêze! Mei mear as tweintich foarlêsferhaaltsjes, spesjaal geskikt foar bern fan 2 oant en mei 6 jier.



### Lês mar foar!

Alle boeken binne te keap yn de Fryske boekhannel en op websjop.afuk.frl.

**afuk**